

Untstean en ûntjouwing fan de Fryske Filologekongressen

Oebele Vries (Fryske Akademy, Ljouwert)

1. Ynlieding

It soe te fier gean om oan Fryske Filologekongressen in hege nijswearde ta te skriuwen. It feit dat fan 't jier foar de tweintichste kear sa'n kongres hâlden wurdt, is dan ek net in 'item' dat de lanlike media, lit stean de foarpagina's fan lanlike kranten, hellet. Dochs hat it Frysk Filologekongres ien kear, yn 1962, in echte mediahype west. In wike foar de iepening melde in lanlike krante, *Het Vrije Volk*, dat yn Frjentsjer, op it Frysk Filologekongres, in "voormalige nazi-scribent" sprekke soe.¹ Yn de besettingstiid hie dy persoan, sa waard berjochte, in foarwurd skreaun by in boekje, titele *Der zehnte Mai*,² dêr't er Friezen as H. Algra, prof. dr. J.H. Brouwer en Fedde Schurer yn oan 'e kaak steld hie "als vijanden van het door hem aanbeden nationaal-socialisme". De deis dêrop stie yn in oare lanlike krante, *Het Parool*, in stik ûnder de kop: "Oud-SS'er komt in Friesland spreken".³ Doe wie de hikke fan de daam en reinde it kommentaren en ynstjoerde stikken.

De persoan om wa't it gie, wie dr. Willy Krogmann (1905-1967), dy't ferbûn wie oan de Universiteit fan Hamburg, sûnt 1960 mei de titel 'Lektor für Friesische Philologie'.⁴ Fansels brocht dy media-oandacht de organisator fan it kongres, it bestjoer fan de Fryske Akademy, yn grutte ferlegenheid. De lêzing gie lykwols gewoan troch. Wol lei Krogmann fóár it útsprekken fan syn foardracht in koarte ferklearring ôf. Hy hie yn de oarloch net as lid fan de SS of SA yn Fryslân west, mar as 'Angehöriger der Wehrmacht', en der wienen bûten syn wil yn it foarwurd en de noaten fan it boekje

1 *Het Vrije Volk*, 21-8-1962 (ûnder de kop 'W. Krogmann mag weer meedoen'). It berjocht is grif de wrâld ynstjoerd troch Martin van Amerongen, yn dy tiid meiwurker op 'e Fryske redaksje fan *Het Vrije Volk*, nei alle gedachten mei ynstimming fan syn sjef-redakteur, Sjoerd Leiker.

2 R.P. Sybesma, *Der zehnte Mai. Westfriesische Gedichte*. Herausgegeben und übersetzt von Willy Krogmann (Berlin 1941).

3 *Het Parool*, 22-8-1962.

4 Sjoch oer Krogmann: *Neue Deutsche Biographie*, Bd. 13 (Berlin 1982) 67-68; *Internationales Germanistenlexikon*, Bd. 2 (Berlin-New York 2003) 1024; http://de.wikipedia.org/wiki/Willy_Krogmann.

opfettingen nei foaren brocht dy't sines net wienen.⁵ De parse prottele noch in skoftsje nei en doe wie it wer dien. It bestjoer fan de Akademy joech noch opdracht oan Brouwer, dy't doe krekt ôfgien wie as wittenskiplik direkteur, en oan dr. W. Kok, de saaklik direkteur, om Krogmann neier te ûnderstean oer *Der zehnte Mai*. Nei ûntfangst fan Krogmann syn antwurd wie har konklúzje: it hie net ferkeard west om him út te noegjen, mar as fan tefoaren bekend west hie wat dêr de gefolgen fan wêze soenen, dan wie er net frege.⁶

Net it alhiel op himsels steande gefal-Krogmann, mar it feit dat it kongres jubilearret, is de oanlieding om stil te stean by ûntstean en ûntjouwing fan de Fryske Filologekongressen. Foar in sa krekt mooglik begryp dêrfan is it lykwols goed om earst te sjen nei it ferskynsel wittenskipskongres yn it algemien en filologekongres yn it bysûnder.

2. Wittenskipskongressen en filologekongressen

Nasjonale en ek ynternasjonale kongressen fan spesjalisten op in beskaat wittenskipsgebiet kamen op yn de 19de ieu.⁷ Yn dy tiid rekke de wittenskiplik mear en mear ynstitúsjonalisearre, profesjonalisearre en spesjalisearre. Dêrtroch ûntstie der in tanimmend ferlet om fan tiid ta tiid yn in fermidden fan fakgenoaten nije risseltaten fan ûndersyk te presintearjen en dêroer te redendielen en ek wol om mei-inoar op te kommen foar de belangen fan it fakgebiet. Dêr kaam ek noch wat by: it gesellichheidsaspekt oftewol de sosjabiliteit. Iepeningswurd, lêzingen en neipetear waarden yn de regel publisearre yn 'acta' of 'hannelingen'.

Sa ûntstienen der ek taal- en letterkundige oftewol filologekongressen. Dy hienen gauris noch in bysûnder skaaimerke, benammen yn de begjinperiode: it opkommen foar de eigen taal. Dat lêste stie sels foarop by it alderearste germanistyske filologekongres dat hâlden is. Dat wie de *Germanistenversammlung* yn Frankfurt yn 1846, dy't útgroeie soe ta in platform by útstek fan it Dútsk kultureel én polityk nasjonalisme.

5 Argyf Fryske Akademy, K 40 Fil (map 1962), brief fan W. Krogmann d.d. 5-10-1962. Sjoch foar de tekst fan de ferklearring de appendiks.

6 Ibidem, stik ûnder de titel 'Jitris it gefal Krogmann' d.d. 9-10-1962. Sjoch foar Krogmann syn antwurd de appendiks.

7 T. van Kalmthout, 'Inleiding', yn: T. van Kalmthout en M. de Ridder (red.), *De Nederlandsche Taal- en Letterkundige Congressen (1849-1912). Vier verkenningen* (Groningen 2000).

Ien fan it hantsjefol Nederlânske dielnimmers wie Joast Hiddes Halbertsma. No stie krekt Halbertsma kritysk tsjinoer it sterk politike karakter fan de diskusjes, dat dêrom woe er net dielnimme oan it twadde kongres, dat yn Lübeck hâlden wurde soe.⁸

Net yn it teken fan it polityk, mar wol fan it kultureel nasjonalisme stienen de Nederlandsche Taal- en Letterkundige Congressen.⁹ It earste dêrfan waard yn 1849 yn Gent hâlden, it twadde in jier letter yn Amsterdam. Dêrnei wienen se hyltiten ôfwikseljend yn in Flaamske en in Nederlânske stêd, de lêste kear yn 1912.¹⁰ De doelstelling fan it earste kongres, dêr't letter noch gauris nei ferwiisd wurde soe, wie: it behâld fan de Nederlânske taal en de Nederlânske taalmienskip.¹¹ Typearjend foar dat striben is de titel fan in lêzing op it alfte kongres yn 1869: "Het recht der taal, ons bolwerk tegen iedere verfransching of verduitsching".¹² It publyk bestie trouwens foar in belangryk part út ynteressearre leken.¹³

Nei ferrin fan tiid is der ek in apart Nederlânsk Philologencongres fan de grûn kommen, dêr't it nasjonale fjoer net sa heech oplôge, ek al om't it net allinnich foar nearlandisy ornearre wie. Dat waard foar it earst hâlden yn 1898 yn de Gemeente Universiteit fan Amsterdam. Njonken algemiene gearkomsten wienen dêr parallelsjes fan fiif seksjes: Klassieke philologie, Germaanske en Romaanske philologie, Linguistiek, Geschiedenis en Archaeologie en Paedagogiek. Alhoewol't it begryp filology yn dy dagen in brede betsjutting hie – filology omfieme doe noch it hiele spektrum fan de taal- en letterkunde fan in taal – , hearden skiednis,¹⁴ argeology en pedagogyk dêr dochs net ta. Benammen lêstneamde seksje docht wat wûnderlik oan. De ferklearring is dat hast alle kongresdielnimmers wurksum wienen yn it heger en benammen it middelber ûnderwiis.¹⁵ Sa soe it ek lang bliuwe. Ynteressearre leken sille der wol net op ôfkommen

8 A.P. de Jong, *Knooppunt Halbertsma. Joast Hiddes Halbertsma (1789-1869) en andere Europese geleerden over het Fries en andere talen, over wetenschap en over de samenleving* (Hilversum 2009) 248-251.

9 A.W. Willemsen, 'De Nederlandse Congressen en hun politieke achtergrond', *De Negentiende Eeuw* 5 (1981) 60-71; Van Kalmthout, 'Inleiding'.

10 *Nieuwe Encyclopedie van de Vlaamse Beweging* (Tiel 1998), s.v. *Nederlandse Congressen*. Under oare namme setten de kongressen wer útein yn 1949.

11 Van Kalmthout, 'Inleiding'.

12 G. Draye, 'The power of illusion. Flemish writers on Germany, 1870-1914', yn: P. Broomans e.a. (eds.), *The beloved mothertongue. Ethnolinguistic nationalism in small nations: inventories and reflections* (Leuven/Paris/Dudley 2008) 139-155, i.c. 141.

13 Van Kalmthout, 'Inleiding'.

14 De bân tusken skiednis en filology soe stadichoan lossier wurde. Dochts hat der op 'e Nederlânske Filologekongressen noch oan 1972 ta in seksje skiednis west.

15 *Handelingen van het Eerste Nederlandsche Philologen-Congres* (Amsterdam 1898) 22.

wêze. De Ljouwerter Krante berjochte teminsten oer de dielnimmers oan it earste kongres dat it gie om “vele geleerden en een twintigtal dames”;¹⁶ wêrby’t mei ‘dames’ grif de oarehelten fan kongresdielnimmers bedoeld waarden. Wat noch neamd wurde moat, is dat der njonken it Nederlânsk Filologekongres al rillegau, te witten yn 1913, ek in Vlaamsch Philologencongres ûntstien is.¹⁷

De gearkomsten fan it Nederlandsch Philologencongres (sûnt 1956 Nederlands Filologencongres) waarden om it oare jier hâlden, ôfwikseljend yn ien fan de Nederlânske universiteitsstêden. Sûnt 1919 rette in apart dêrfoar oprjochte Vereniging ‘Het Nederlandsch Philologencongres’ mei de organisaasje. Yn 1950 wie it kongres wer ris yn Grins. It tal dielnimmers wie mear as 600, wylst it tal seksjes útgroeid wie ta alve.¹⁸ Der wie no foar it earst ek in seksje ‘Fries en Scandinavisch’. Foarsitter dêrfan wie Brouwer, yn dy tiid noch heechlearaar Frysk yn Grins, dy’t grif ek de inisjatyfnimmer west hat. Der wienen trije frisistyske lêzingen.¹⁹

Oan 1980 ta kaam der almeast wol in Frysk/Skandinavyske seksje fan it Nederlânsk Filologekongres fan de grûn, mar dêrnei net mear.²⁰ It Nederlânsk Filologekongres sels soe it lykwols ek net lang mear meitsje. It hie sûnt 1970 mear en mear te lijen ûnder de konkurrinsje fan de mear spesjalisearre TIN(Taalkunde in Nederland)-dagen, de jierlikse stúdzjedagen fan de Algemene Vereniging voor Taalwetenschap (AVT).²¹ Yn de rin fan de tiid ha de TIN-dagen it Nederlânsk Filologekongres sels folslein beneffertlitten. Sa is der nei 1992 net wer in Nederlânsk Filologekongres hâlden. Al earder wie ek it Vlaams Filologencongres, dat kwa opset sterk op it Nederlânske like, deablet. Yn 1981 kaam it foar it lêst gear.

Opfallend is dat de namme ‘Nederlands Filologencongres’ oan de ein ta oanhâlden is, ek yn in tiid doe’t ûnder filology, yn alle gefallen yn Nederlân, inkeld noch de stúdzje fan teksten út âldere taalfazen ferstien waard. Wol brocht de kongresfoarsitter yn 1982 de fraach nei foaren oft “de naam van het congres, door de traditie bepaald en door de

16 *Leeuwarder Courant*, 15-4-1898.

17 F. Camerlinckx, ‘De Vlaamse filologencongressen. Hun verleden, hun toekomst’, yn: *Handelingen van het Vlaamsch Philologencongres 25* (1963) 17-29.

18 *Leeuwarder Courant*, 13-4-1950.

19 Utjûn ûnder de titel *Trijeresom. Ynliedingen hâlden yn de Fryske seksje fan it Ned. Philologekongres 1950* (Grins/Djakarta 1950).

20 Grins 1950, Amsterdam 1956 (allinnich Frysk), Grins 1960, Utert 1962, Nijmegen 1964, Amsterdam 1966, Leiden 1968, Grins 1970, Utert 1972 (ek Aldgermanistyk), Amsterdam 1976 (allinnich Frysk), Grins 1980. De trije frisistyske lêzingen fan it kongres fan 1966 waarden útjûn yn *Us Wurk* 15 (1966), nû. 2.

21 S. Daalder, A. Foolen en J. Noordegraaf, *Taalwetenschap in Nederland. Zestig jaar AVT (1950-2010)* (Amsterdam/Münster 2010). Mei tank oan dr. Jan Noordegraaf (Vrije Universiteit).

ontwikkelingen achterhaald, ook enige bijstelling behoeft”.²² Safier is it lykwols net kommen.

3. It Frysk Filologekongres: ûntstean en oarspronklike opset

Yn ferliking mei syn Nederlânske en Flaamske tsjinhingers is it Frysk Filologekongres fan jonge datum: 1956. Inisjatyfnimmer en organisator wie de Fryske Akademy. It begûn mei in fan it Akademybestjoer útgeande soarte fan enkête fan novimber 1954, dy't yn twa talen (Frysk en Ingelsk) de wrâld ynstjoerd waard: “Oan de bioefeners fan it Frysk/To the students of Frisian”.²³ Dêryn waard opmurken dat yn in stik as tsien lannen “geregelde of altometse bioefeners fan it Frysk” (‘Regular or occasional students of Frisian’) sieten. Nei it oardiel fan de Fryske Akademy soe it in skoan ding wêze as se inoar ris te wurd kamen “om yn rêstich petear oer to lizzen oer de aktuële problematyk fan 'e Fryske taelwittenskip, har mooglikheden en methoaden”. De earste fan de seis fragen wie: “Fiele Jo yn bigjinsel foar it hâlden fan in Kongres fan Fryske filologen yn 1955”? Der kamen gâns ynstimmende reaksjes, dat it koe oangean.

Om't ferskate potinsjele dielnimmers yn it oanjûne jier net koenen, waard it kongres in jier útsteld, sa waard meidiel yn in twadde rûnskriuwen (april 1955). By einsluten waard it op 'e lêste trije dagen fan augustus 1956 steld. Dielnimme koenen allinnich dyjingen oan wa't in útnoeging tastjoerd wie. It tal dielnimmers wie frij beskieden: 49. Dêr wienen 16 bûtenlanners by (dêrfan trije oarehelten) út fjouwer lannen: Dútslân (alve), België (twa), Denemarken (twa) en Sweden (ien). In ôfdijer wie dat der gjin inkelde Ingelsktalige dielnimmer en mar ien nearlandikus, de dialektolooch prof. Kloeke út Leiden, op it kongres taset wie. Oan 'e ein brocht Brouwer dan ek wat smeulsk nei foaren dat der mear belangstelling wie foar de Fryske taal en literatuer “yn it útlân as yn Hollân”.²⁴

It kongres, dat taret wie troch de heechleararen Frysk Brouwer, Buma en Fokkema, wie op 'e folgjende wize opset. Der wienen twa lêzingen deis, mei-inoar dus seis. Dat tal wie sa lyts, om't in wichtige doelstelling fan it kongres wie om de bûtenlânske dielnimmers yn de kunde te bringen mei Fryslân. Dêrom waard it elke dei op in oar plak hâlden. De earste dei spile him ôf yn Ljouwert, op it Provinsjehûs. Twa emininte bûtenlânske

22 W. Zwanenburg, ‘Het Nederlands Filologencongres, de inhoud van het congres en de morfologie van zijn naam’, yn: *Handelingen van het zevenendertigste Nederlands Filologencongres* (Amsterdam 1982) 1-11, i.c. 3.

23 Argyf Fryske Akademy, K 40 Fil (map 1956).

24 *Leeuwarder Courant*, 1-9-1956. J. Piebenga soe oan Brouwer syn klacht sels in (koart) haadartikel wije ûnder de kop “Wederzijdse plicht” (*Leeuwarder Courant*, 12-9-1956).

âldgermanisten, de heechleararen Jörgensen út Kopenhagen en Kuhn út Kiel, beljochten ‘Das Problem der Ingwäonen’. De oare deis wienen der lêzingen – no op it stedhûs fan de âlde Akademystêd Frjentsjer – fan twa Nederlânske rjochtshistoarisy, Feenstra (Leiden) en Gerbenzon (Grins), dy’t beide ek it Dútsk brûkten. De lêste deis, op Stania-state yn Oentsjerk, wienen der foardrachten fan Fokkema en Brouwer oer de stân fan saken en opjeften foar de takomst fan de Fryske filology. Fokkema prate, ‘om de gasten’, Nederlânsk,²⁵ Brouwer Frysk. De lêzingen wienen hyltiten de moarns. Middeis waarden der útstapkes makke en dan wie der ek noch in ‘Fryske jûn’, mei in folksdûnsploech, muzyk en in film. Fierders wienen der ûntfangsten troch it provinsjaal bestjoer en it gemeentebestjoer fan Ljouwert. Lêzingen en neipetear waarden útjûn troch de Fryske Akademy ûnder de Latynske titel *Philologia Frisica* en as ûndertitel: *Lêzingen en debatten Frysk Filologekongres augustus 1956*. Dêrmei stie de namme fan it kongres, dat oant dan ta oantsjut wie as ‘Kongres fan Fryske filologen’, no dus ek fêst. Dy is fansels, ek al wie de opset hiel oars, ôfsjoen fan it Nederlânsk Filologekongres.

Dy opset is oan it âlftste kongres ta – dat wie yn 1988 – yn wêzen gelyk bleaun: trije dagen, op trije ferskillende plakken, inkeld plenêre lêzingen oer yn prinsipe allinnich taal- en letterkunde, mei útnûge sprekkers, en dat alles om de trije jier (ien kear, yn 1966, nei fjouwer jier). Seis kear wie der in sintraal tema, mei ‘losse sprekkers’ der omhinne: ‘It wengebiet fan de Friezen yn it forline’ (1959), ‘Hwat forstie en hwat forstiet men ûnder Frysk’ (1962), ‘Tusken Frysk en Nederlânsk’ (1978), ‘Fryslân en it Noardseegebiet’ (1981), ‘Frysk: juster, hjoed en moarn’ (1984) en ‘2000 jier Friezen’ (ek al hold mar ien lêzing ferbân mei dat tema) (1988). Kongresfoarsitter wie, op ien kear nei, in heechlearaar Frysk.²⁶ De rûnte fan dejingen dy’t in rûnskriuwen mei útnûging krigen, waard yn 1959 sterk útwreide. Sa waard doe besletten om alle stipers fan de Fryske Akademy en alle besitters fan de Fryske akten oan te skriuwen.²⁷ Yn 1969 kaam der in redusearre ynskriuwjild foar studinten.²⁸ De ‘Fryske jûn’, dy’t sûnt de twadde kear almeast mei in kabaretprogramma folle waard, ferfoel yn 1975.

25 *Leeuwarder Courant*, 1-9-1956.

26 W.J. Buma, Ryksuniversiteit Grins (1956, 1969, 1972, 1975), K. Fokkema, Vrije Universiteit, Amsterdam (1959, 1962, 1966), H.D. Meijering, Vrije Universiteit, Amsterdam (1981, 1984, 1988). De iene útsûndering wie K. de Vries, wittenskiplik direkteur fan de Fryske Akademy (1978).

27 Argyf Fryske Akademy, K 40 Fil (map 1959).

28 Argyf Fryske Akademy, K 40 Fil (map 1969).

In minpunt wie dat der nei ferrin fan tiid hast gjin bûtenlânske sprekkers mear te finen wienen (yn 1981 wie der sels gjinien). Sûnt 1975 wie it kongresboekje ek net mear, lykas earder, twatalich Frysk-Dútsk, mar inkeld noch Frysktalich. Op in inkelden ien nei, lykas Jo Daan fan it Instituut voor Dialectologie, Volkskunde en Naamkunde te Amsterdam (it lettere Meertens Instituut), soenen ek 'Hollanners' it paad nei it kongres net fine.²⁹ Sa hat it kongres him stadichoan ûntwikkele ta in trijejierlikse gearflecht fan de lytse frisistyske 'incrowd', oanfolle mei inkelde sprekkers fan bûten en dêrnjonken frijwat belangstellenden mei niget oan it Frysk. Fan in 'geleardekongres' waard it mear en mear in 'folksaardich' kongres, soe men ek sizze kinne.³⁰

4. Krityk en nije opset

Nei ôfrin fan it kongres fan 1972 kaam de jimmer kritysk ynstelde Tony Feitsma, op dat stuit wittenskiplik meiwurker Frysk oan de Vrije Universiteit yn Amsterdam (yn 1976 soe se dêr bûtengewoan heechlearaar wurde), mei in evaluaasje fan de opset. Se sinjalearre in rige fan tekoarten. Sa like neffens har it wittenskiplike part fan it kongres minder trochtocht te wêzen as wat se it 'toeristyske' neamde. De ynliedingen wienen te lang en der wie te min tiid foar it neipetear. De dielnimmers krigen net fan tefoaren in gearfetting fan de lêzingen tastjoerd en de diskusjelieder (Buma) wie net genôch thús yn it ûnderwerp fan de lêzingen. Ien fan de lêzingen hearde neffens har earder thús op in 'besinningsgearkomste' fan de Biwegingsrie. It wie wol goed dat it kongres foar alleman iepenstie, mar dêrmei mocht it noch net ferwurde ta in bewegingsgearkomste. Se neamde it al mei al in 'mat' kongres.³¹ Trije jier letter skreau se dat it folgjende kongres neat weinommen hie fan de krityk dy't se op it foarige hân hie. Se kaam no mei it útstel om in – oars net al te strange – skieding oan te bringen tusken wurkgroepsgearkomsten foar wittenskiplju en in soarte fan neifolging fan de eardere simmerkursussen fan de Provinsjale Underwiisrie foar de ynteressearre leken.³²

29 Nijsgjirrich is yn dit ferbân de spontane taspraak fan Jo Daan op it kongres fan 1972: *Philologia Frisica anno 1972* (Ljouwert 1974) 151-152.

30 Lêstneamde omskriuwing wurdt brûkt troch T. Feitsma yn har reaksje op in rûnskriuwen oangeande de meast winsklike datum fan it kongres. Argyf Fryske Akademy, K 40 Fil (slúf 'Fragen datum filologekongres', 1970).

31 T. Feitsma, 'Evaluaasje fan de opset fan it sechsde filologekongres fan de Fryske Akademy', *De Stiennen Man* 28 (1972), nû. 13, s. 4-5.

32 T. Feitsma, 'By it sawnde Frysk Filologekongres', *De Stiennen Man* 31 (1975), nû. 15, s. 8-9.

Doe't it Akademybestjoer yn 1959 in kommisje ynstelde om it twadde filologekongres ta te rieden, hie Feitsma ek al kryptyk utere.³³ Nei har betinken wie it Akademybestjoer op taalkundich mêd net kompetint en kaam de beneaming fan dy kommisje ta oan it Taalkundich Wurkferbân fan de Fryske Akademy, dêr't Fokkema de foarsitter en hjasels de skriuwster fan wie. Tsiën jier letter ferfong it bestjoer it Taalkundich Wurkferbân troch in tal kommisjes, wat in soad opskuor joech. Feitsma waard doe de driuwende krêft efter de datselde jier (1969) noch oprjochte Ynteruniversitaire Stúdzjerie Frysk (YSF). Se wie ek de grutte gongmakker fan de tusken 1970 en 1986 hâlden sympoasia fan de YSF, dy't alhiel beäntwurden oan har ideaal fan wurkgroepsgearkomsten foar wittenskiplju. De bedoeling fan dy sympoasia wie om ûnderwerpen oan 'e oarder te stellen dy't yn de Nederlânske frisistyk ornaris net oan bod kamen (hoewol net neier taljochte, waard mei 'ornaris' sûnder mis bedoeld: op 'e Fryske Akademy, op it Frysk Ynstitút yn Grins en op 'e Fryske Filologekongressen). Sa soenen oan de frisistyk nije ympulsen jûn wurde kinne.³⁴ Yn heech tempo waarden no op YSF-stúdzjekonferinsjes nije metoaden presintearre, lykas yn 1970 strukturele romananalyse en ûndersyk fan twataligens en yn 1971 transformasjonele grammatika, literatuersosjology en rjochtswardgeografy.³⁵ Sûnt 1972 waard der op 'e Fryske Filologekongressen, grif mei ûnder druk fan de rivalisearjende YSF-sympoasia, stadichoan ek wat omtinken oan nije ûntjouwingen jûn (sjoch 5). Dochs bleauwen dy kongressen noch lang in bolwurk by útstek fan it behâldende diel fan de frisistysk, yn alle gefallen oant 1975, de lêste kear dat Buma foarsitter wie. In opfallende bysûnderheid fan Buma, sûnt 1956 heechlearaar Frysk yn Grins, wie noch dat er, oars as syn foargonger Brouwer, noch alhiel fêstsiet oan de nasjonalistyske filology fan de njoggentjinde ieu. Typearjend is dizze patetyske oprop út syn slútwurd op it kongres fan 1975:

Haw leaf it lân dêr't Jim hikke en tein binne, de eigen tael fan dit folk, de skiednis fan dit lytse lân mei syn great forline, hwant de leafde bliuwt de greatste, seit de apostel, en dêr't de leafde is, is gjin fierdere oantrún fanneden.³⁶

33 Argyf Fryske Akademy, K 40 Fil (map 1959).

34 *Stúdzjekonferinsje Frysk, 6 en 7 april 1971 to Grins* (Ljouwert 1971) 1 (foarwurd fan P.J. Sikkema).

35 De lêzingen fan fjouwer sympoasia binne as boekje útjûn: *Stúdzjekonferinsje Frysk, 6 en 7 april 1971 to Grins* (Ljouwert 1971); *The position of the old, relatively less influential vernaculars in Europe in the 16th and 17th centuries* (Ljouwert 1973); *Literatuur in sociaal perspektief* (Amsterdam 1976); *Achtergronden van spelling* (Amsterdam 1978).

36 *Philologia Frisica anno 1975* (Ljouwert 1977) 138.

Nei Buma syn ôfgean folgen noch fjouwer kongressen neffens it bewende stramyn, mar doe, yn 1990, waard de opset dan dochs oanpast. Dat wie foaral te tankjen oan it feit dat in jonge generaasje fristen yn tsjinst kommen wie by de Fryske Akademy en boppedat in finger yn 'e brij krige by it tarieden fan it kongres. Dat waard no opset lykas rûnom al lang de praktyk wie. Sa kamen der neist plenêre lêzingen mei útnûge sprekkers ek parallelsjesjes. Potinsjele sprekkers foar de sesjegearkomsten koenen reagearje op in 'call for papers'. Yn *Philologia Frisica* waard tenei allinnich noch mar in seleksje út de lêzingen opnommen. It iepeningswurd en it neipetear waarden net mear ôfprinte, mei as foardiel dat it moedsume wurk fan it út- en bywurkjen fan de debatten ferfalle koe. It kongres hâlde no boppedat op in reizgjend kongres te wêzen. Tenei spile alles him, noch wol altiten om de trije jier en trije dagen lang, yn Ljouwert ôf. Mei dy feroaringen waard it kongres net allinnich in stik moderner, mar ek folle grutskaliger. Sa is it tal lêzingen no, yn 2014, útgroeid ta 58. Boppedat is *Philologia Frisica*, nettsjinsteande de seleksje, hyltiten tsjokker wurden. By dat alles lieten de ynteressearre leken har net echt ôfskrikke, mar har tal is yn 'e rin fan de tiid wol sterk mindere.

5. Fiertaal en ynhâld fan de lêzingen

Yn de taal fan de lêzingen sit in nijsgjirrige evolúsje. Yn it begjin sloech it Dútsk foar master op. Sa waarden op it twadde kongres seis fan de njoggen lêzingen yn dy taal hâlden, tsjin twa yn it Nederlânsk en ien yn it Frysk. Sels naam ik foar it earst diel oan it sande kongres, yn 1975. Doe lei it lân der hiel oars hinne: noch mar ien fan de lêzingen wie yn it Dútsk, ek ien yn it Nederlânsk, wylst der mar leafst fiif yn it Frysk wienen. Kongresfoarsitter Meijering gie yn 1981 yn syn slútwurd yn op it oerhearskjen fan it Frysk as fiertaal. Hy seach dat as in positive ûntjouwing: "It is hiel goed dat wy in gelegenheid hienen dêr't it Frysk gewoan as wittenskiplike taal brûkt wurde kin".³⁷ Ek nei de fernijing fan de opset yn 1990 bleau it Frysk noch lange tiid de meast brûkte taal, mei it Nederlânsk as twadde. Dat it Dútsk net ferdwûn, is, yn alle gefallen as it om de lettere kongressen giet, earst en meast te tankjen oan in konstante ynbring út de universiteit fan Kiel wei. Yn 1966 wie Harold A. Roe, instructor Germanic languages and linguistics oan Harvard University (in kunde fan ien fan de leden fan de tariedingskommisje), de earste mei in foardracht yn it Ingelsk. It tal lêzingen yn dy taal bleau lykwols lange tiid lyts, ek nei 1990. Sa wie der yn 1996 dan wol foar it earst in kongresboekje mei it foarwurd yn it Frysk

37 *Philologia Frisica anno 1981* (Ljouwert 1982) 122.

én it Ingelsk, mar likegoed makken mar fjouwer fan de 38 sprekkers fan lêstneamde taal gebrûk. Sels yn 2012 gie it noch net sa hurd, al wie it tal sprekkers yn it Ingelsk doe al wol oprûn nei njoggen, tsjin 29 yn it Frysk, sân yn it Nederlânsk en fiif yn it Dútsk. De grutte trochbraak fan it Ingelsk is op dit tweintichste kongres, want fan de oankundige foardrachten binne mar leafst 23 yn dy taal en dat is sels al mear as yn it Frysk (22).

It fêststellen fan in ûntwikkeling yn de tema's fan de lêzingen is in drege opjefte, want it ferskaat is grut. As men wat better sjocht, falt op dat der yn de earste faze (oant 1988) wol frijwat omtinken wie foar Aldfrysk en, dêrmei ferbûn, runology en rjochtsskiednis (Krogmann syn lêzing út 1962 bygelyks, dy't gie oer de Lex Frisionum, heart ek ta dy kategory), mar dochs minder as oft men faaks ferwachtsje soe, sjoen it lange tiid oerhearskjende plak fan it Aldfrysk yn de stúdzje fan it Frysk. It tal lêzingen op it mêd fan it Midfrysk bleau beheind ta twa oer Gysbert Japicx. Opfallend yn dizze faze is it sterke plak fan dialektology, foaral as wy it Noardfrysk dêr by ynbegripe, en ek fan nammekunde. Literatuerkunde kaam mar sûntsjes oan bod. Fierders wienen der ek inkeld wol ris lêzingen op it mêd fan skiednis, argeology en folkskunde.

Suver taalkundige ûnderwerpen komt men yn de begjintiid net tsjin. No spile him krekt yn dy snuorje, d.w.s. sûnt de lette jierren fyftich, in revolúsje ôf yn de linguistyk, dêr't de namme fan Noam Chomsky oan ferbûn is: de opkomst fan de transformasjoneel-generative grammatika. Dy revolúsje gie, sa kinne wy fêststelle, ynearsten foarby oan de Fryske Filologekongressen. Pas op it sechste, yn 1972, opponearre him foar de earste kear de moderne linguistyk. Om te begjinnen wie de foardracht fan de Sweed Bo Sjölin, op dat pas wittenskiplik meiwurker oan it Frysk Ynstitút yn Grins, oer leksikale ynterferinsje yn de Fryske sprektaal al útsprutsen fernijend.³⁸ Echt revolúsjonêr lykwols wie de ynlieding fan Arie Bor, learaar Ingelsk yn Ede, dy't it foargeande jier oan de Universiteit fan Amsterdam promovearre wie op in proefskrift oer wurdgroepen yn de taal fan it Aldfryske Skeltarjocht. Yn syn – Ingelsktalige – ynlieding krige de chomskyaanske revolúsje yn de linguistyk foar it earst syn folle gerak.³⁹ Bor gie yn op 'e syntaxis fan it Aldfrysk oan de hân fan trije sintsjes út it Aldere Skeltarjocht. Dêrby gie er oars net allinnich by Chomsky te riede, mar by yn totaal fiif 'schools of thought' yn de tweintichste-iuwske linguistyk, fertsjintwurdige troch de Nederlanners Van Es en Uhlenbeck en de Amerikanen Chomsky, Fillmore en Chafe. Nei dy lêzing gappen

38 B. Sjölin, 'Zur lexikalischen Interferenz im gesprochenen Friesisch', *Philologia Frisica anno 1972* (Ljouwert 1974) 24-37 (neipetear: 38-40).

39 A. Bor, 'A new look at an old language', *ibidem*, 41-63 (neipetear: 64-67).

hast alle dielnimmers nei de sike, ek kongresfoarsitter Buma. Of sa't de Ljouwerter Krante berjochte:

Het geheel was dermate specialistisch, dat ook naar de mening van de inleider zijn met veel diagrammen toegelichte lezing zich niet leent voor weergave anders dan in een vaktijdschrift.⁴⁰

Der wienen dochs noch twa fragestellers: Sjölin en Feitsma. Yn 1978, twa kongressen fierder, wie der foar it earst in sprekker dy't him alhiel op Chomsky oriïntearre: Henk Bloemhoff. Nijsgjirrigernôch gie syn lêzing, dêr't er sels oan 'e ein fan sei dat dy "goandeweg wat technisch wodde", net allinnich oer it Stellingwerfsk, mar betsjinne er him ek fan dy Leechsaksyske taalfariant.⁴¹ De Ljouwerter Krante seach no hielendal gjin kâns mear om in gearfetting te jaan.

Pas nei 1990 waarden teoretysk-taalkundige foardrachten mear húsriem. Dúdlik te fernimmen is dat der ûnderwilens op 'e Fryske Akademy in groep betûfte jonge taalkundigen oansteld wie. Ien fan har wie Jarich Hoekstra, dy't letter heechlearaar yn Kiel wurde soe. Ek as sprekker is er sterk nei foaren kommen: oant no ta hat er al njoggen kear foar it buordsje west, de earste kear yn 1984.⁴² Opfallend is dat ek kultuerskiednis, yn 'e regel yn ferbining mei letterkunde, in skoflang sterk nei foaren kaam. Yn dat gefal wie it de literatuerkundige fan de Fryske Akademy, Ph.H. Breuker, dy't syn stimpel sette koe. It Aldfrysk bleau min ofte mear in konstante, wylst in foardracht op it mêd fan it Midfrysk in grutte útsûndering wie. Dialektology is yn dizze faze noch mar swak fertsjintwurdige, wylst nammekunde, folkskunde en argeology alhiel út it programma-oanbod ferdwûn binne.

6. Ta beslút

De start fan de Fryske Filologekongressen yn 1956 wie de lêste ynfrastrukturele stap yn de ûntjouwing fan de frisistyk ta in folweardige tûke fan de Germaanske taalwittenskip. De opstap foarme de ynstelling fan in Fryske seksje op it Nederlânsk Philologencongres, seis jier earder. Yn de begjintiid wienen de Fryske Filologekongressen beskieden fan skaal, mar net fan ambysje. Sintraal stie it byinoarbringen fan Nederlânske

40 *Leeuwarder Courant*, 7-9-1972.

41 H. Bloemhoff, 'Een peer odderingsprincipes die et Stellingwarfs anbelangen', *Philologia Frisica anno 1978* (Ljouwert 1979) 147-165 (neipetear: 166-168).

42 J. Hoekstra, 'Ferlytsing en syn njonkenkategoryen', *Philologia Frisica anno 1984* (Ljouwert 1986) 131-148 (neipetear: 149-150).

frisisten en bûtenlânske gelearden mei belangstelling foar it Frysk. Dat slagge op 'e earste kongressen min ofte mear. De debatten stienen doe ek op in navenant heech nivo. Al gau sakke it tal bûtenlânske dielnimmers lykwols yn en koe de oarspronklike ambysje net mear wiermakke wurde. Mei dêrtroch ferfoelen de kongressen stadichoan ta in yn wêzen yntern-Fryske oangelegenheid, dêr't belangstellende leken útdruklik by oanwêzich wienen, en makke it eardere elan plak foar in gefoel fan plichtmjittigens.

Oars as de Flaamske en Nederlânske filologekongressen hat it Frysk Filologekongres kâns sjoen om te oerlibjen. Fansels kin dat net los sjoen wurde fan de yngeande fernijing fan de opset yn 1990, mar dy kaam foaral del op in organisatoaryske oanpassing, wat net genôch is om it fuortbestean fan de Fryske kongressen te ferklearjen. Mooglik hat it feit dat it Frysk Filologekongres organisearre wurdt troch in ûndersyksynstitút en net troch in losse struktuer lykas de feriening 'Het Nederlandsch Philologencongres' in rol spile by it trochgean ek yn in tiid fan ôfnimmend entûsjasme. De wichtichste faktor is faaks wol it feit dat de Flaamske en Nederlânske Filologekongressen fierstente folle dissiplines byinoar bringe woenen. It ferlet giet al folle langer út nei spesjalisearre sympoasia, dy't sels in bloeitiid belibje. Sa'n spesjalisearre foarum is ek it Frysk Filologekongres. Dêrom hat dit kongres, al wie syn namme by it begjin eins al ferâldere, grif noch takomst.

> **Appendiks**

Ferklearring fan Krogmann

Herr Präsident!

Bevor ich zu meinem Thema komme, ist es mir ein Bedürfnis, der Akademie für die Aufforderung zu diesem Vortrag zu danken. Ich war öfters in Friesland: schon vor dem zweiten Weltkriege, um friesische Studien zu treiben, und während dieses Krieges, wo ich zwar nicht als Angehöriger der SS oder SA, aber als Angehöriger der Wehrmacht in den Wirbel der Zeit mit hereingezogen wurde, obgleich ich auch damals versucht habe, meine rein wissenschaftlichen Aufgaben zu erfüllen. Doch habe ich als Kenner des Friesischen auftragsgemäß eine Schrift veröffentlichen müssen, in deren Einleitung und Anmerkungen unter meinem Namen gegen meinen Willen Auffassungen vertreten werden, die ich schon damals nicht billigte und noch heute sehr bedaure. Ich weiß, daß die Kriegszeit für die westerlauwersschen Friesen sehr schwer gewesen ist. Deshalb ist es für die Akademie gewiß auch nicht leicht gewesen, mich

zu einem Vortrag einzuladen. Daß dies dennoch geschehen ist, hat mich sehr beglückt. Es zeigt, daß es möglich ist, sich über die damalige tiefe Kluft hinweg wieder die Hand zu reichen.

Oanfoljende ferklearring fan Krogmann

Meine Erklärung, der ich grundsätzlich nichts hinzuzufügen habe, ist dahin zu verstehen, daß das von mir entworfene Vorwort in meiner Dienststelle redigiert und abgeändert worden ist. Die Anmerkungen sind mir zusammen mit den Gedichten übergeben worden und nicht von mir formuliert. Dagegen stammt die Übersetzung der Gedichte von mir. Daran ist nichts geändert worden.

... *Letterkunde*

